

Om't God yn goedens mei ús wol

1

Om't God mei ús yn goedens wol,
is ús bestean noch net tenein.
Us libben wurdt fernijd en rein
en fan syn leafde fol.

Refrein:

Wat binn' jo gedachten oer ús
fol freonskip, HEAR, fol frede.
Wat goed is it, HEAR, foar in mins
en wachtsje_op jo genede.

2

Noait hat God fan syn wurd berou.
Nij is syn leafde alweroan,
lykas de sinne yn 'e moarn.
– Hoe hearlik is jo trou.

Refrein:

Wat binn' jo gedachten oer ús
fol freonskip, HEAR, fol frede.
Wat goed is it, HEAR, foar in mins
en wachtsje_op jo genede.

3

No sjong ik: HEAR, jo binn' foar my
al wat ik haw, myn hoop, myn lean.
En op it paad dy't ik no gean
wit ik Jo tichteby.

Refrein:

Wat binn' jo gedachten oer ús
fol freonskip, HEAR, fol frede.
Wat goed is it, HEAR, foar in mins
en wachtsje_op jo genede.

tekst Anka Brands (1918-1978), neffens Kleilieten 3:22-26 – ‘Het is God goedheid en geduld’
oersetting David de Jong
meldij Luit Doornbos